

30 *De bear*

Twa bearepoatsjes
sjokke op 'e wei.

In bearebealchje
skommelt mei.

Twa beare-eachjes
sjogge my oan.

In bearesnútsje
ropt:

'Oant moarn!'

sjokke

de hannen op 'e búk lizze

hin en wer skommelje

nei de eagen wize

ien oansjen

de hân opstekke

Suggestjes

- De bern steane yn 'e rige of yn 'e rûnte. De bear rint by de bern del. By 'twa beare-eachjes' bliuwt de bear stean en sjocht ien oan. Dan stekt er de hân op en ropt 'oant moarn.'
- It bern nei wa't de bear sjocht kin ek in bear wurde. By it herheljen fan it spultsje komme der dan hieltyd mear bearen.